

Oan de ried fan de gemeente Noardeast-Fryslan
Postbus 1
9100 AA DOKKUM

Ljouwert, 12 desimber 2024
Ferstjoerd,

Ús merkteken : 02322451
Domein/ Team : Stefofdieling Bestjoerssaken
Opsteld troch :
Jo merkteken :
Taheakke(n) :

ûnderwerp : Tafersjoch begrutting 2025

Achte leden fan de ried,

Op 13 novimber 2024 hawwe wy de begrutting 2025 fan jo gemeente ûntfongen. Jo ried hat de begrutting 2025 fêststeld op 7 novimber 2024. Mei dit brief bringe wy jo op 'e hichte fan it tafersjochrezjym foar 2025.

Doel fan finansjeel tafersjoch

It tafersjoch op de finansjele posysje fan gemeenten is in provinsjale taak basearre op de Gemeentewet (art. 203). Us doel is om in sûne finansjele situaasje by gemeenten te befoarderjen en wy wolle tefoaren komme dat in gemeente yn in finansjeel útsichtleaze situaasje telâne komt. Mei it each dêrop beoardielje wy fóár it begjin fan it begruttingsjier hokker foarm fan tafersjoch op jo gemeente fan tapassing is. Paadwizer foar ús dêryn is it Mienskiplik finansjeel tafersjochramt (GTK 2020 Gemeenten). Dêryn is repressyf tafersjoch de regel. Dat hâldt yn dat jo jo begrutting direkt útfiere kinne. Previntyf tafersjoch is de útsûndering. Dat betsjut dat de begrutting en de begruttingswizigings dêrop earst troch ús goedkard wurde moatte foardat jo ta útfiering oergean kinne.

Tafersjochrezjym begrutting 2025: repressyf tafersjoch

Jo begrutting 2025 is nei ús oardiel struktureel en reëel yn lykwicht. Dat betsjut dat jo begrutting 2025 en de oanbelangjende begruttingswizigings gjin goedkarring fan ús hoege en jo gemeente yn 2025 ûnder repressyf tafersjoch fan de provinsje stiet. Wy hawwe de begrutting 2025 dan ek foar kundskip oannommen.

Struktureel resultaat op basis fan de begrutting 2025

It begruttingsresultaat is it resultaat dat jo yn jo begrutting presintearre hawwe yn it oersjoch fan baten en lêsten. Om fêststelle te kinnen oft sprake is fan struktureel lykwicht, is it wichtich dat dúdlik ynsjoch bestiet yn hokker baten en lêsten ynsidinteele binne. It ferplichte mearjierich oersjoch fan ynsidinteele baten en lêsten jout dat ynsjoch. It struktureel resultaat is it begruttingsresultaat sûnder ynsidinteele baten en lêsten. Op dat lêste basearje wy ús oardiel en it tafersjochrezjym. Yn jo begrutting kinne de oanslutingen om te kommen ta dat strukturele saldo noch ferbettere wurde.



Punt fan omtinken

Ravynjier 2026

De algemiene útkearing gemeentefûns is foar de jierren oant en mei 2025 hiel posityf. Fan 2026 ôf wurdt de ryksbydrage folle leger fanwegen de troch it Ryk ynfierde nije finansierings-systematyk. Dêrtroch wurdt 2026 in ravynjier neamd. In soad gemeenten stean foar in finansjele útdaging om de begrutting 2026 struktureel slutend te krijen en riede har ta op besunigings/ombûgings. By de Ramtnota's fan takom jier sil dat konkreter wurde. Op basis fan de begrutting 2025 -2028 stiet ek jo gemeente foar in fikse besunigingsopjefte fan 2026 ôf, wy sille dy ûntwikkelingen dan ek mei oandacht folgje.

Negative ûntwikkeling finansjele kengetallen

Wy sjogge yn 'e mearjierrêrûzing in negative ûntwikkeling fan 'e netto skuldkwote en de solvabiliteit. It ynvestearringsferlet fan de gemeente resultearret yn in netto skuldkwote dy't yn 2027 rjochting de sinjalearringswearde fan 130% beweecht. Neffens de presintearre begrutting sil de solvabiliteit yn de lêste jierskiif mei 11% sels rom ûnder de sinjalearringswearde fan 20% sitte. Wy freegje jo mei klam omtinken foar dy nuodlike ûntwikkeling.

As lêste

As der fragen binne oer de ynhâld fan dit brief, of oare fragen oer de beoardieling fan de begrutting en mearjierrerrûzing fan jo gemeente, dan binne wy graach ree om dy te beäntwurdzjen. Dêrfoar kinne jo kontakt opnimme mei jo tafersjochhâlder (sjoch gegevens boppe-oan dit brief).

Deputearre  Steaten fan Fryslân,

drs. A.A.M. Brok, foarsitter 

drs.  ing. J.J. Algra, sekretaris

 foar dizze, de loko-provinsiesekretaris